

Útnûging

Útnûging foar de gearkomste fan de Stúdzjerûnte “Dr. Eeltsje Halbertsma” op

Woansdei 20 novimber 2019 om 14.00 ûre.

Sprekker: Anne-Goaitske Breteler, studinte UvA

Ûnderwerp: “De Traanjagers”, oantinkens fan nei-oorlochse walfiskfarders.

Plak: Zalencentrum Parkstaete, Parkstraat 3-B, 6881JA Velp

Ek net-leden binne wolkom! Foar harren is de tagongspriis € 10,--.

Oer it ûnderwerp:

As skoalfamke wurke Anne-Goaitske Breteler yn kafee De Bûnte Bok yn Lioessens, earder in walfiskfarderskafee. De ornamenten yn it kafee en de sterke ferhalen en de bynammen fan de stamgasten makken dat sy fassinearre rekke troch de lêste perioade fan de walfiskjacht. In ferline, dêr't wy tsjinwurdich net mear oan tinke, mar yn de tiid fan de weropbou nei de oarloch tige wichtich wie foar de Nederlânske ekonomy en identiteit. Breteler besocht in hânfol noch libjende walfiskfarders thús en beskriuwt op bysondere wize de ferhalen dy't se op hege jierren noch ha. De sfeer oan board, de eftergrûnen en motiven fan de farders en de aventûren yn de havens ûnderweis. De walfiskjacht sels. De skippen fol modder en fet, yn seeën fol walfiskbloed. Sa fier fuort en dochs noch sa tichteby. Mar ek de twivel en ambivalinsje dy't hjoed de dei as skaad oer dy jeugd-oantinkens hingje. Anne-Goaitske skriuwt en fertelt oft se der by wie.

- De presintaasje sil yn it Frysk wêze.
- De konsumpsjes op dizze en kommende gearkomsten binne foar eigen rekken.
- De kommende gearkomsten sille wêze op woansdei middeis 5 febrewaris en woansdei middeis 25 maart 2019.

Mei freonlike groetenis,

Gerard Hoekema

Mariaweg 29

6861DP OOSTERBEEK

tillefoan: 0622 200 739

E-mail: grhoekema@telfort.nl